

De lapkekeapman

op de wize fan it ierske "the raggie taggie gipsy"

útbrocht op de LP/CD Húske

der kaam in lapkekeapman by in boer op 't hiem
hy frege de frou: moat jo noch fiterbân
en hy seach wat gleon omheech mei syn tûke keapmanseach
dat de frou dy waard der suver mar nuver fan
de boerinne dy fleach by de trep op en del
hja luts har sneinske jûpe oan
yn in sucht ferklaaie en dan fluch troch de homeije
efter dy moaie lapkekeapman oan
it wie jûns al hiel let doe't de boer thús kaam
hy frege wêr't de boerinne wie
en alhiel ferslein fertelde't him de faam
dat hja mei in frjemde lapkekeapman ôfset wie

riid dan fuortendaliks myn mercedes foar
op 'e fyts dan kin ik net hurd genôch
ik flean alles ôf en ik sykje om myn frou
want wa jout har no mei sa'n lapkekeapman ôf
en hy ried nei Ljouwert en hy ried nei Snits
hy ried by It Fean en by Drachten om
mar krekt doe't hy swaaide op 'e Liphústerheide
doe seach er yn 'e fierte syn wiif werom
en wêrom ferlitsto dyn hûs en dyn hiem
wêrom fersmytsto dyn jild en guod
wêrom tinksto dan net oan dyn eigen leave man
en rinsto mei sa'n luie lapkekeapman fuort

och, wat jou ik om myn hûs en wat jou ik om myn hiem
foar jild en guod jou ik ek gjin sint
en myn eigen leave man, dêr ha'k skjinn myn nocht al fan
en dy lapkekeapman dat fyn ik in fijne fint
justerjûne leisto noch yn de bedstee mei my
mei dyn wollene tekkens oer
en fannacht silsto sliepe yn de bosk en iepen fjild
as de earste de bêste lapkekeapman's hoer!
och wat jou ik der om, yn de bedstee mei dy
wat jou ik om wollene tekkens oer
ja, fannacht sil ik sliepe yn de bosk en iepen fjild
en dat's better as yn de bedstee by sa'n bargeboer!

och, dû libbest sa rjocht en dû libbest sa sljocht
en ik libbe mar amper en ik hie myn nocht
ik hie langstme nei in tût fan sa'n lapkekeapman's snút
dat docht my mear as dat al dyn goeie jild my docht!